

It ferburgen learplan en it Frysk

Jaap van der Bij

*Yn ús proefskrift (sjoch ek by **Aktueel**, 01-12-2005) hawwe Renze Valk en ik in ferbân lein tusken de posysje fan it Frysk yn de skoalle en wat yn de literatuer it 'ferburgen learplan' neamd wurdt. Fan 'e middei wol ik dy relaasje op fersyk fan Sytze wat neier taljochtsje. It jout wat mear ynsjoch yn de meganismen en automatismen dy 't har ôfspylje om it Frysk hinne. Ferbettering fan de posysje fan it Frysk yn de skoallen sil begjinne moatte mei it **begripen** fan dy **automatismen**. Krekt dan hat men oangryppunten foar ferbettering. Dêrom gean ik earst wat djipper yn op it begryp 'ferburgen learplan'. Yn de literatuer dêr't ik nei ferwiis, waard fansels net tocht oan it Frysk as de skriuwers it oer dat ferburgen learplan hawwe.*

Opfieders binne optimisten. Se geane derfan út dat fan jongfolk hiel wat te meitsjen is. Miskien hat dat ek wol wat te krijen mei ús kultuer. Ik ferjit nea wer it petear op de keamer fan professor Noordam. Wy wiene mar mei fjouwer doktoraalstudinten, dus de kolleezjes koene wol op syn keamer oan de Westerhaven (yn Grins). Hy hie in hiel betooch oer it westerske tinken fan: *moarn is alles better*. "Wy libje yn in kultuer dy't tinkt yn foarútgong", sei Noordam. Wy binne nea tefreden mei it hjoed en it no. Ekonomen wurde tige ûngerêst as der gjin groei is, want stilstân soe efterútgong wêze. Dat past by opfieders. It bern sa as er hjoed en no is, moat sjoen wurde yn it ljocht fan wat er wurde moat. It hjoed en no is mar in trochgongsstadium. Der moat hiel wat mei dat bern ompield wurde om der in goede folwoeksene fan te meitsjen en dêrom plenne se der yn it ûnderwiis mar op los. Doe't Noordam dit betooch hold, wie dat yn de tiid fan de 'Didaktische Analyse'. Syn krityk rjochte him benammen op dat *planmjittige* dêr't it ûnderwiis fan te lijen hie. Hjoed de dei is dat net oars. Skoalmasters moatte wat ôfskriuwe om alle learplannen op papier te krijen. It is dan ek wat wrang dat miskien wol it wichtichste dat bern opstekke *bûten* dy moaie learplannen om bart, want der is ek noch sokssawat as in 'ferburgen learplan'.

It begryp *ferburgen learplan* is troch Benson Snyder yn de sechstiger jierren wakker nei foaren helle ûnder it kopke **Hidden curriculum**. Snyder seach dat op de universiteiten de studinten net allinne kennis, ynsjoch en feardichheden opdiene, mar tagelyk learden dat it leanne as jo diene wat oaren jo foarskreauwen. Mei oare wurden: de skoalle droech derta by dat bern opfieden waarden ta boargers dy't *om sizzen jaan woene*. Dat wisten wy fansels ek al sûnt de skoalle yn de 19^{de}-ieu opliede moast ta 'alle christeljke en maatschappeljke deugden'. In skoander foarbyld dêrfan jout Geert de Vries yn syn boekje 'Het pedagogisch regiem'. Syn nammegeaat Jeronimo de Vries, foarsitter fan 'de commissie van de stadsarmensholen fan Amsterdam', skriuwt yn 1832: "Wat ware er van de veiligheid der vermogenden, zonder pligtsbesef, zonder zedeljke beginsels der armen, zonder onderwijs en opleiding? [...] Om u te beveiligen, meervermogenden, moet men de armensholen, dat zijn kweekplaatsen tot pligt en orde, voorstaan en ondersteunen. Zonder onderwijs kunnen de behoeftigen geen openbare kennisgevingen lezen, Uwen wil niet verstaan" (De Vries, p.30).

In oaren dy 't him tige ward hat op it mêd fan it *ferburgen learplan*, is John Taylor Gatto. Wy sitte dan wol by de tige skoalkrityske ûnderwiisminsken, mar dêr hoecht neat mis mei te wêzen, hat Imelman ús eartiids al ferdútst. Gatto is út de skoalle stapt oan it begjin fan de foarige ieu nei't er trije kear ta 'New York City Teacher of the Year' keazen wie. Syn stelling wie: ûnder *twang* learst neat dat de muoite wurdich is. En neffens Taylor fine de meast learsume saken *bûten* it offisjele learplan plak.

Alle trije wize hja derop dat der efter de learplicht in dûbele boaiem sit. In *naasjesteat* hat belang by rêst en oarder en beskerming fan de besittings fan de elite. Ofwikings dêrfan binne net wolkom. De skoalle kin derfoar soargje dat de boargers yn de stokken holden wurde. It past wat yn it Verdonkiaanske tinken om minsken mei in ôfwikende taal en kultuer sa gau mooglik te assimilearjen. Dêrom soe it neffens har tenei ferbean wêze moatte om op 'e strjitte in oare taal te praten as it Hollânsk. Dat soks minsken yn har wêzen oantaast, lit de minister-fan-assimilaasje kâld. Frey wiist ek op sokke machtsmeganismen as er gearfettet wat foar him it 'heimliche Lehrplan' ynhâldt: “*Schüler lernen in der Schule bekanntlich nicht nur das, was ihnen - als offenkundiges curriculum, als offenkundige Lehrinhalt - bewusst und mit Absicht zu lernen vorgestellt wird. Sie lernen auch Einstellungen, Anpassungsformen, Ueberlebensstrategien usw. Deren Begünstigung ist in keinen offiziellen Lehrplan vorgesehen. Die Schulsebstverständlichkeiten des Alltags, die Normen, Umgangsformen, Rollenvorschriften, die Sanktionen und die Kontrollverhältnisse, kurz die Schule als soziales System dürfte ein sehr eindringlicher und wirksamer Lehrgegenstand für Kinder und Jugendlichen sein. Für dieses ‘heimliche’ Curriculum der Schule aufmerksam zu werden, fällt jedem schwer, der seit dem 6. Lebensjahr Schule als naturwüchsige Selbstverständlichkeit wahrzunehmen gelernt hat.*”

Mei dat lêste bedoelt Frey - en dat bin ik by mear skriuwers tsjinkommen - dat it hiele sirkus om de skoalle hinne fan beropskrêften har eigen systeem ynstân hâldt, omdat dy der belang by hawwe dat har wrâldsje net yn elkoar falt. Ik seach fuort neidat ik dit opskreaun hie, dêr in moai stealtsje fan yn de krante ûnder de kop *Onderzoek taalniveau peuters loont*. Bern fan twa jier moatte ûndersocht wurde op taalefterstannen om se dêrnei fuortendaliks te behanneljen. Sa skeppe jo jo eigen wurk. Mar miskien hawwe se wol gelyk. Ik kin it der sa net úthelje.

Hawar, werom nei dat begryp *ferburgen learplan*. It ferskynsel wurdt ek wolris 'ymplisyt learplan', 'latint learplan', 'fergetten learplan' en 'bedekt learplan' neamd en miskien binne der wol mear beneamings. Op it earste gesicht binne it wat frjemde termen. In learplan giet ommers út fan in *bewuste* planning. It wurdsje 'ferburgen' suggerearret dat jo der eins net foar útkomme wolle. In oar moat der gjin weet fan hawwe. It wurdsje 'ferburgen' hat wat genipichs, wat manipulearjends. Jo steane deroan bleat sûnder dat jo it witte. By 'fergetten' (learplan) hat it ea bewust west, mar wit men net mear fan it wêrom en it hoe en wat. It liket in bytsje op it ferhaal fan de apen dy 't net by in banaan koene en doe in stôk brûkten om de banaan fan bûten de traalje oan te heljen. Mar alle kearen dat se dat diene, krigen se in bak wetter oer har kinne. Dat hiene se gau troch. In nije aap dy't it ek besykje woe mei de stôk, waard mei barstend geweld weromhelle, ek al waard der net mear mei wetter smiten. Doe't op it lêst alle apen fergegen wiene en net ien fan de apen yn it hok de wettersmiterij meimakke hie, wie der dochs net ien fan de apen dy't it bestean doarst om de banaan fan bûten it hok nei binnen te heljen.

Dochs kin ik dat begryp *fergetten learplan* wol pleatse as jo nei de hjoeddeiske posysje fan it Frysk sjogge. Der hat ea oan it begjin fan de 19^{de}-ieu in tiid west dat it Frysk min ofte mear bewust de skoalle útwurke is. De rede fan Siegenbeek (Minniste dûmny yn Dokkum, ûnderwiisfernijer en tafersjochhâlder op it leger ûnderwiis) lit oan it stribjen nei *ienheid fan taal* neat te rieden oer. Dy rede is ôfprinte yn de (earste Fryske) ûnderwiisalmenak fan 1816, mar jo kinne dy ek neilêze yn it proefskrift fan Smeding (*School in de steigers*, 1987, 407): "Aan alle onderwijzers ten platte lande, moet ik eenen anderen en allernoodzakelijkste raad geven, namelijk deze: om toch vooral in de scholen het vriesch boersch niet te gedogen. Men veroordele tevens deze mijnen raad niet, omdat zij vreemd klinkt, en misschien een

vooroordeel tegen mij doet ontstaan, op het eerste lezen. [...] Ik zeg vooraf, dat ik zelf(s) een Vries ben, en eene warme liefde voor mijn vaderland bezit, dat ik gaarne met de vaderlandsche deugden, ook onze vaderlandsche tongval wil behouden, en men verdenke mij dus niet, dat ik de vriesche tongval wil uitroeijen, neen! die is te schoon, en het is jammer, dat men geen goede boeken, geschikt voor de jeugd, heeft, om dezelfve zuiver te kunnen bewaren. [...]". Sa jeuzele er noch in skoft troch, mar it fenyn sit yn it sturtsje as er ta de konklúzje komt mei: "[...] dan ook moet gij mij toestemmen, dat het onnoodig, ja! schadelijk is, dien tongval aanhoudend, onder het geven van onderwijs met de kinderen te spreken." Ik wol dêrmei oantoane dat der by de foarming fan de Nederlânske steat *bewust nei stribbe is om de skoalle Hollânsktalich te meitsjen*.

Dat hjoed de dei it Hollânsk yn de skoalle fanselssprekkend wurden is en men jin der *net mear bewust* fan is wat him 200 jier lyn ôfspile hat, soe der foar pleitsje om foar de hjoeddeiske situaasje te sprekken fan in 'fergetten learplan'. Dat wat der him doe ôfspile, liket in protte op de troch De Vries neamde *steatspedagogyk*. De Fryske elite hie der út eigen belang foar keazen om mei te wurkjen oan de nasjonale ienheidssteat.

Troch de striders foar it 'verbeterd onderwijs', sa as de foaroanmannen yn it ûnderwiis yn Fryslân de ûnderwiisfernijing doe neamden, is it foar minsken yn de skoalle 'gewoan' wurden dat by de skoalle Hollânsk heart. Dat wurdsje 'gewoan' stiet op myn papier tusken skrabkes, omdat ik dêrmei bedoel dat se der oan wend rekke binne. Dêr wurdt net oer praat en net mear by neitocht. Op skoalle prate jo Hollânsk. Dêrom hawwe Renze en ik yn ús proefskrift keazen foar it dochs wat neutralere 'ymplisite learplan' (sjoch ek by *Aktueel*, 01-12-2005).

Hoe wurket sa'n ymplisyt learplan no yn de praktyk?

It is hiel opfallend dat der yn Nederlân nea sa bot praat of skreaun is oer it *ferburgen* of *ymplisite* learplan. Krekt neidat Ritzen syn preekje hold oer 'waarden en normen' healwei de jierren njoggentich, kaam der wat literatuer los. Leune, mar dy wie doe ek foarsitter fan de lanlike Underwiisried, hat him der oer útlitten, mar it wie benammen Klaassen dy't der omtinken oan joech. Klaassen grypt dêrby werom op Durkheim dy't der op wiisde dat de learaar sjoen wurde moast as de fertsjintwurdiger fan de *autoriteit fan de mienskip*. De sosjolooch Bourdieu hat ek wiisd op dy meganismen. Hy stelt dat beskate maatregels út it ferline yn guon gefallen *ûndergrûns* rekke binne.

Sa is it ek mei it Frysk yn de skoalle gien. De skoalle hat him in gewoante oanmetten dêr't net mear by neitocht wurdt: yn skoalle prate jo Hollânsk, krekt as yn de tsjerke. De skoalbefolking is him amper bewust hokfoar subtile meganismen oft dêryn meispylje. Wy binne dermei fergroeid, se falle ús net mear op. Ik haw in sitaat fan Klaassen oer hoe't it wurket by it oerdragen fan wearden, oersetten nei de posysje fan it Frysk: "Het impliciete curriculum draagt op een zeer vanzelfsprekende en continue wijze een groot aantal gewoonten, opvattingen en gedragingen met betrekking tot de verhouding van Fries en Nederlands over, die cruciaal zijn voor de instandhouding en onderbouwing van de positie van die talen in alle domeinen van het maatschappelijk bestel". De regels, rûten en rituelen foar it 'winsklike' taalgedrach fan de skoalmienskip lizze 'finselssprekkende' gewoanten fêst yn de deistige gong fan saken yn de skoallen. It is noch net sa lang lyn dat de learlingen meastentiids net wisten oft in learaar Frysk prate koe. It hearde as fanselssprekkend ta de beropshabitus dat in learkrêft as er de skoalle ynkaam, syn Fryske taalidentiteit ôfleie en it jasje fan de 'beropstaal' het Hollânsk oanluts. Krekt sa fanselssprekkend wie it om Hollânsk te praten as jo yn de klasse in fraach stelle woene.

It hat wol wat wei fan it gedrach fan in protte âldere minsken. As ik sneontemoarns wolris mei de pakesizzers nei de bakker yn Snits gean, miene de lju efter de toanbank dat se Hollânsk tsjin de jonkjes prate moatte, wylst se tsjin my 'gewoan' Frysk prate. "Willen de jongens ook een broodje?", is it dan. Dan moat ik earst sizze dat beide ek Frysk prate kinne of as it moat ek wol Turksk, ek al wenje se yn de Betuwe. Sa wurdt dy mantsjes net-bewust oanleard dat jo yn Snits by de bakker Hollânsk hearre te praten.

Hiel nijsgjirrich is dat yn alle diskusjes oer it ymplisite learplan de namme fan Dewey hieltyd wer opdûkt. Miskien falt it my sa bot op, omdat ik op de kweekskoalle al in protte bewûndering hie foar dy Amerikaan.. Syn stelregel dat jo demokrasy *dwaan* moatte yn pleats fan te *preekjen*, jildt hjoed de dei ek noch. Jo hearre it faak genôch yn 'teach as you preach'. *Elchardus* hat dat in pear jier lyn nochris befêstige. Renze en ik hawwe by him op besite west op de Vrije Universiteit fan Brussel. Hy hat in grut ûndersyk dien yn Vlaanderen nei de bêste metoade om ûnder oaren rasisme ûnder de skoalbern yn it fuortset ûnderwiis tsjin te gean. De útkomst fan syn mansk ûndersyk wie: ien of twa kear in *projekt* oer rasisme feroaret de hâlding en gedrach fan de jongerein net as dat net bart yn in skoalle dêr't yn *foarlibbe* wurdt wat ferdraachsumens is. Mei oare wurden jo berikke mear yn in skoalle dêr't de wearden *dien* wurde as yn in skoalle dêr't der allinne mar oer *praat* wurdt. Ik kom dêrmei ta myn lêste punt.

Hoe kinne jo wat feroarje yn de taalautomatisme yn de skoalle?

De les fan Klaassen, Dewey en Elchardus hawwe my ta de oertsjûging brocht dat it *beynfloedzjen* fan it taalgedrach fan bern plak fine moat meidat yn de skoalle de âlde taalautomatisme trochbrutsen wurde trochdat direksje en leararen yn har taalgedrach *sjen* litte dat it Frysk *lykweardich* is oan it Hollânsk en dat dy taal op alle plakken yn de skoalle krekt sa as it Hollânsk sawol mûnling as skriftlik brûkt wurde kin.

De les fan Frey, Gatto en Durkheim is dat it ymplisite learplan dan *earst wol eksplisyt makke wurde moat*. Of wat gewoaner sein: direksje en leararen moatte har earst wol bewust wurde hokfoar *ferburgen*, *fergetten* of *ymplisite taalregels* oft der yn de skoalle *bewust* of *ûnbewust* libje. **Soks kin allinne mar troch as stêf fan de skoalle mei elkoar yn petear te gean oer it taalgedrach yn de skoalle en hoe't dat te feroarjen is.** Us ûnderfining mei it projekt *Frysk yn it fuortset ûnderwiis* wie dat dit te min bard is yn de skoallen dy't oan it projekt meidiene. It projekt spile him te folle ôf yn de marzjes fan de skoalle. In protte leararen wisten net iens fan it projekt ôf en wa't der wol fan ôf wist, miende dat it om de leararen Frysk gie. It taalbeliedsplan dat de skoallen makken, wie mear in *produkt* as in *proses*, wylst de wearde dêrfan krekt yn dat bewustmakkings*proses* leit. As it team fan de skoalle net wraksele hat mei sa'n taalbeliedsplan, as se der net mei har allen trochhinne krûpt binne, dan kinne jo it krechtsagoed net dwaan. It stiet dan wol moai yn de kast, mar it hat gjin funksje.

En dêrmei bin ik dan werom by it begjin, by myn âlde learmaster Noordam, dy't it net sa stean hie op de ûnderwiiskunde fan syn kollega Van Gelder, as it yn it ûnderwiis allinne mar giet om in tal technykjes. De wearde fan learplannen leit yn it *neitinken oer wat jo dogge*, letter neamden se dat 'reflektearje'. Of wat ik myn studinten faak foarhold mei de útspraak fan de âlde Gunning: "Theorie zonder praktijk is voor genieën, praktijk zonder theorie is voor gekken en schurken."

Tink net allinne nei oer wat jo *sjogge* mar nammerste mear oer wat der *ûnder* sit en jo nèt direkt *sjogge*.

Beetstersweach, 17-02-2006